

# Yngenieuze ferhaallinen

F3 11-1-14

troch Jaap Krol

**I**n debút fan mear as 400 siden, dat komt net faak foar yn it Frysk literêre fermidden. Ale Zandbergen skreau mei *Littenser Merke* net allinnich in tsjokke earsteling, it is foaral in hyper-talich wurk, wêryn't it lege, mar fassinearjende tempo bepaald wurdt troch treffende folsinnen en yngenieuze ferhaallinen.

Beuwkje is de frou fan dûmny Martinus ('Tinus') Laurman út Littens. It aranzjearre houlik - wy skriuwe om 1832 hinne - tusken de wat frijpostige boeredochter en de belêzen foargonger liket net sa hiel min, mar der mist wol wat: in bern. Eeuwke wol wanhopich graach neiteam, mar har man is op

alle mêden in twifelkont. Laurman is in wat easkerige yntellektueel, waans ferbale kapasiteiten yn it tsjerklike fermidden hieltyd mear te krijen hawwe mei de tsjinstanners fan de rede ('de dweperij').

Siket Eeuwke har gerak yn it bestudearjen fan in Dútske opera en it skamteleas flanearjen mei de koster, dûmny Laurman liket ôf te strïben op in persoanlike krisis en tinkt deroer syn ropping farwol te sizzen. Om ta in oplossing te kommen giet er mei twa kollega's nei it Frysktalige Sealterlân (tusken Leer en Cloppenburg), om dêr yn 'e kunde te kommen mei keunstskilders dy't krekt de werkenberheid fan it byld ferlitte wolle. 'In skilderij ansehn, in skilderij

belibje, hat te machen mei it ferlassen fan it Bekannte. Jin ynlibje yn in skilderij is in stap yn it Unendliche', seit skilder Henrik Giesing. Hy foeget de died by it wurd en set nei Littens ta om in ôfbylding fan Mozes yn it koorke te meitsjen - foar Eeuwke yn hanneling dy't alles seit.

In oare ferhaalline spilet in dikke ieu letter. Liuwe Bosgra is berne yn 1956, licht autistysk en groeit op yn Easterlittens. Foar him is de jierlikse merke in hichtepunt, in barren dêr't er mear as in spesjale bân mei hat. As er nei de middelbere skoalle giet, komt hy, soan fan de slachter, yn 'e kunde mei de hippe en fegetaryske Sabetheli Duparc, dy't mei har krekt sa hippe heit te wenjen komt yn Littens. Liuwe en Sabetheli

wurde *soulmates*, dy't inoar bestoke mei taalgrappen en -fynsten en eksperimentearje mei softdrugs. As se inoar yn it mysterieuze sneinsskoallelokaaltsje fan de tsjerke ynwijje yn de leafde - dêr't op dat stuit in routsjinst holden wurdt -, ûntdekke se by tafal in ferburgen, yntrigearjend skilderij.

## Tiid

Boppesteande is mar in droech en rûch tekene oersicht fan feiten. *Littenser Merke* is nammentlik ek in fassinearjend boek oer tiid, tiidsferrin en tiidskonstruksjes. Hieltyd op 'e nij besiket de skriuwer - in wiskundige - de komplekse relaasje tusken taal en realiteit te tsjuten. Hat Liuwe de taal nedich om assosjatyf syn wrâld te oarderjen, Sabetheli wol foaral gekjeie en it libben fiere. Is Eeuwke de frou dy't har langstme ferwurdzje wol; Laurman sjocht yn wurden atomen, dy't bepalend binne foar it ferrin fan de dingen om him hinne. It knappe is dat Zandbergen de tried fêsthâldt troch mei fotografyske presysje sawol dramatyske as ferfeelsame sitewaasjes te skilderjen. *Littenser Merke* ûntliet syn spanning dan ek net sasear oan de tekening fan de histoaryske of moderne setting, mar oan it sprutsen en yntochte wurd, dat side nei side yn faak lange sinnen ta ús komt.

Dochs fyn ik ek dat beide ferhaallinen wat te lijen hawwe ûnder twangkonstruksjes. In amper sechtjinjierrige

jongfeint dy't folwoeksen poëzij op hast wittenskiplike wize beskôget is net sasear ûnmooglik, mar wol ûnwierskynlik - lykas it hawwen fan in 'adres' yn de iere njoggentjinde ieu. De moeting fan de ferskate tiden is in trúk dy't

## In debút mei grutte sizzingskrêft troch syn taalgefoelichheid

net altyd wurket. De faak te-atrale en swierwichtige konstruksje hellel spanning út it ferhaal, om't de lêzer syn fermoedens oars net as befêstige sjocht.

It hoecht net, better sein. Zandbergen syn boek hat krekt in grutte sizzingskrêft troch syn taalgefoelichheid, dy't minsken en barrens ferbine. Soms tongerswier of mei Gods bulderjende wurd, dan wer yn de driigjende stilte fan de swijgende hanneling. In knap en yntrigearjend debút dêrom.

**i** Littenser Merke. Ale S. Zandbergen. Friese Pers Boekery, 17,50 euro, e-book 14,50 euro



## Littense Merke

„Heit efter?“

„Ja-ah.“

Op de keukenstafel binne de flessen opromme, lykwols leit tusken de brûkte romers frou Bosgra mei de holle op 'e earms te sliepen. Liuwe skoot hiel foarsichtich in stoel by de tafel wei.

*Net wakker meitsje.*

Ut it ûnderste laad van heit syn buro, it laad dat Liuwe brûke mei foar syn boeken en DINKY TOYS - de wite BEDFORD

sleepauto en de RENAULT bestel -, skriften en kleurpotleaden, postsegels en fûgelaaien, hellel er syn moaiste boek, 'Het Bonte Jeugdboek In Kleuren'. Hy ferskikt it sabearre krakeleeën Pick-Wick-knopedoaske en ek de fellen fan de moarns earder fernobbe droege waarsten skoot er oan 'e kant.

*Dy hat mem fergetten.*

Hy leit syn 'Moderne Encyclopedie Voor De Jeugd'

op tafel. Hy blêdet en fynt syn favorite lemma oer de tiid. Hy sjocht nei de wizerplaten fan de ferskillende klokken, dy mei de Romeinske sifers, dy mei de Arabyske sifers en hy lêst de tekst dy't er net echt hoecht te lêzen om't er dy wurd foar wurd, getal foar getal, sa njonkenlytsen wol út 'e holle ken.

Ut: *Littense Merke*, side 158-159